

Bêste Frou Feitsma,

Ik ha noch wakker twifele oft ik hjir 'leave frou Feitsma' boppe sette soe, mar dat 'leave' soe wat in nuvere kombinaasje wêze mei 'frou'. Wol seit dat wat oer ús kontakt.

Doe't ik yn 1984 út Seisbierrum wei nei Amsterdam ferhuze om Dúts en Oersetwittenskip te studearjen oan de UvA, fûn ik rillegau ek de wei nei de tsiende ferdjipping fan de VU. En yn de betizing fan it nije libben yn de grutte stêd, de nije wrâld fan de wittenskip en de studintewrâld mei syn oare moares, wie it dêr thúskommen. By Dúts moasten wy bygelyks guon dosinten, sels professoaren, dookje en dêr koe ik mar net oan wenne. Dus it wie in ferademing dat jimme, lykas at by ús op it doarp ús heit en mem 'Post' en 'frou Post', 'frou Feitsma' en 'Meijering' wienen. Dêr op de 10e fan 'e VU ûnderfûn men dat taal mear is as allinne mar kommunikaasjemiddel. En ek de wierheid fan it 'pedagogyske argumint' foar twatalich ûnderwiis: dat je fanút it eigene it frjemde kennen leare kinne. Dêr wie wittenskip eat dat oer jesels en oer jins eigen wrâld gong.

De kolleezjes en wurkgroepen: bibelfrysk, taalsosjology, Gysbert Japicx, Obe Postma, Rixt en taalbehearsking, dat lêste benammen fia oersetten.

De lytse ploechjes, jo humor, de wille meiinoar, jo ynset, hoe't jo ús altyd út 'e tinte wisten te lokjen mei provosearjende stellingen; sels my. Ik fan it harmony-, jo fan it konfliktmodel; hoe dan ek, it wurke. Ik ha in protte opstutsen.

Wat oersetten oangiet foaral dat it Frysk útsoarte in register 'leger', of better sein: tichter by de minsken is. Dat spruts my oan.

It heucht my noch dat it my opfoel dat der yn 'e rin fan in kolleezje faak geandewei mear kleur op jo wangen kaam. Dat wie ek sa dy kears dat ik op memmedei op kolleezje kaam mei in 'moederdagvlaai' fan de HEMA – om utering te jaan oan dat gefoel dat wy hienen, dat jo in bytsje in mem foar ús wienen.

In wurk/stúdzjewike nei Kiel - meiinoar yn it Renaultsje fan Trinus Riemersma. Op de Raststätten fernuvere ik my deroer dat jo fuortendaliks begongen mei in ûndersyk nei hokker talen at der allegear op de prullebakken stienen. En jo holpen my by it netwurkjen en regeljen fan de kontakten dy't ik nedich hie foar in stúdzjejier yn Kiel.

By oersetwittenskip hiene je trije talen: as A-taal Nederlâns, de B-taal moast ien fan de 3 grutte talen wêze en de C taal mochten je sels kieze. Doe't ik op it idee kaam om Frysk as C-taal te kiezen, koe dat, mar dan neffens de regels fan in 'exotische' taal, en dat hâlde yn dat ik sels it stúdzjeprogram gearstalle moast. No, dêrfoar wie ik by jo alhielendal oan it goede adres, en dat it Frysk ynienen in eksoatyske taal wie, dat ha wy der lang ynhâlden en it hat jo mannich skatterlaits ûntlokke.

En doe't ik tsjin 'e ein fan myn stúdzje yn 'e lytse loege kaam en oerspand rekke, kamen jo earst yn it sikehûs by my op besite, alhielendal yn Grins, en letter, doe't ik myn heil om fierrens socht en de stúdzje sloere liet, ha jo kontakt hân mei ús heit en mem en mei de administraasje fan oersetwittenskip om it ien en oar út te lizzen en derfoar te soargjen dat myn stúdzjepunten net ferrûnen. Dat joech hoop, en it berjocht wie foar my destiids it begjin fan in reis werom.

Sa tankje ik it yn mear as ien opsicht mei oan jo dat myn stúdzje noch ôf kommen is; mei in skripsje oer in ferlykjend ûndersyk nei twa Fryske en twa Nederlânske oersettingen fan 'Der Schimmelreiter' fan Theodor Storm, dêr't ik wer myn eigen wrâld en dy fan de wittenskip yn byinoarbrocht – net yn it minst ek wer troch it libbene kontakt tusken jo en myn oare professor-skripsjebegeliedster, Kitty van Leuven fan Oersetwittenskip. Dat doe't jo my letter bellen mei de fraach oft ik yn it bestjoer fan it Feitsmafûns woe, koe ik min nee sizze, hoewol't we doe al drekt spul krigen om't ik de euvele moed hie om te sizzen dat jo oan my feitlik net sa'n goedenien hiene, want dat ik eins net leau dat men in taal op in keunstmjittige manier yn stân hâlde kin; doe spuiden jo wol sok raar guod en kamen jo mei sa'n stoartfloed oan arguminten dêr't gjin speld tusken te krijen wie, dat ik fuortendaliks belies joech en der letter ek noait wer oer begongen bin. Mar, ik hâlde fan it Frysk en ek fan jo, én ik fielde my ek wol wat fereare fansels, dat it is der dochs fan kommen. En ik moat sizze, ik ha myn miening yn de rin fan de jierren wol wat bysteld troch ferskillende moaie en fruchtbere projekten dy't wy mei jo neilittenskip stypje koenen. De earste gearkomsten wiene yn Onder de Luifel, tsjinoer 't stasjon yn Ljouwert, letter by jo thús, om 'e tafel mei it plúsje kleedsje midden tusken de boeken en de kranten, mei in bakje NES dat wy sels yn de keuken berêde mochten. Doe kamen der tiden dat it minder waard, it sikehûs en ferpleechtehûs. It wie dan betiden dreech om wer fuort te gean. Mar altyd, ûndanks de behinderingen fan it âlder wurden, bleaune jo skerp. Hiene wy foar it fûns bepaalde dokuminten nedich, dan krige ik opdracht en helje dy op út jo hûs - jo 'geheugenpaleis: "Dan moatte jo de trep op, de sliepkeamer drekt links fan de trep, en yn de boekekast rjochts om 'e hoeke, op 'e tredde planke" - en it miste noait... Autentisiteit mist útsoarte noait.

Ik bin bliid dat ik jo moete ha yn dit wûndere eintsje libben.

*Jantsje Post*